

Sinterklaze-Bingo yn Easternijtsjerk tige slagge

Ferline wike organisearre Doarpsbelang Easternijtsjerk foar de twadde kear in Bingo-jûn. Dat it de foarige kear goed foldien hie, die wol bliken út it tal dielnimmers dat twaris safolle wie as de earste kear. It earst wiene de skoalbern oan bar. Hja koene alderhande spultsjes winne en mannichien koe tefreden nei hûs. Ek al om't it nei dizze berne-bingo foar de skoalbern noch net ôfrûn wie. Hja koene noch meidwaan oan knikkerjen, it kampioenskip Stokhingje en de Marmotte-bak.

De marmotten (kavia's fansels) André van Duin en Sjakie Swart (fan de tillevisy) hiene it tige drok mei it krûpen troch de poartsjes dy't foar de bern priizen opleveren. Op't lêst hiene de kavia's skoan har nocht en wiene net mear foarút te krijen.

Stimming der yn

Doe't de bingo foar de grutteren begûn,

wie de seal hielendal fol dat de stemming siet der goed yn. Foaral doe't de iene nei de oare yn de priizen foel: horloazjes, in rekkenmesyntsje, in skealje, in wekkerradio in kofjesetapparaat en noch folle mear ferwiksele fan eigner. Ek de âlderen koene yn it skoft meidwaan oan kampioenskippen: Stokhingje en Jirpelskile.

By it stokhingjen moast Henk Bergema syn rekord fan ferline jier ferdigenje. Hy slagge der al yn syn rekord te ferbetterjen ta 88 sekonden, mar Wessel Groenwold gie dêr nochris oerhinne en sette it rekord op 94 sekonden. De froulju diene ek al mei oan it stokhingjen en Sjoerdsje Eelkema-Faber sette in rekord del fan 44 sekonden.

Jirpelskile

It kampioenskip Jirpelskile wie wat nijs. Ek hjir stie Sjoerdsje Eelkema-Faber hiel lang op it earste plak. Mar as ien fan de lêste dielnimsters liet Akke van der Wagen-Walda sjen dat hja goed oerwein mei in tinskiller. Hja broch it rekord fan 12 sekonden nei 11 sekonden om ien jirpel te skilen. Guon mânlju woene it ek wolris besykje en it die bliken dat ek yn Easternijtsjerk de emansipaasje taslacht: Gerard Torensma helle de jirpel yn 13 sekonden út syn jaske. Ferskate dielnimmers/sters ha wol yn de rekken krigen dat der takom jier goed oefene wurde moat om yn de beneaming te kommen foar ien fan de kampioensbekers!

Uitslaggen knikkerje: 1. Aleida Cuperus 64 pnt.; 2. Theo Bosgra 54 pnt.; 3. Geurt Wolsink 53 pnt. **Stokhingje:** Kampioen 1983: Wessel Groenwold 94 sekonden; Kampioen Skoalbern 1983: Rense Cupeus 71 sekonden. **Jirpelskile:** Kampioene 1983: Akke van der Wagen.